LEEUWARDER COURANT
11 januari 2013, pag. 6

dwers

pieterdegroot

Net werom

Dat wie in mismoedige nijjiersrede, dy't ôfgeand FNP-foarsitter Nynke Beetstra ôfstiek op 'e Lemmer. It plan fan minister Ronald Plasterk om as provinsjes de lapen gear te smiten, makket har lulk. „Dan wurde wy gewoan twongen om yn aksje te kommen" sei se neffens it krantefer-slach (LC 7-1). „Dit kabinet is in ramp foar Fryslân. En wêr bliuwe dan de Lutz Jacobi's en de Aukje de Vriezen? En wêr bliuwe de PvdA- en VVD-fraksjes yn de steaten? Nergens."

En wêr bliuwt de FNP? Mei twa fuotten yn ien hoas. As net loftse en net rjochtse mar Fryske partij hat se yn fyftich jier in protte Friezen foar de karre spand, sadat se no yn de steaten en yn frijwat rieden in fikse stim yn it kapittel hat en bytiden ek in beskiedende rol spylje kin. De oare kant fan de medalje is dat se mei-ferantwurdlikheid draacht yn kollegiale bestjoeren en dan wurdt it lestich altyd nee te sizzen. It nee tsjin dy

Twa fuotten yn ien hoas

oerstallige Sintrale As, tsjin dy lânskipsfersmoargers dy't wynturbinen binne en tsjin de opskaling fan ús gritenijen wurdt dan in ja. Jo kinne as partijbestjoer noch sa'n ideaalbyld fan Fryslân ophingje - yn it deistich bestjoeren dinderet de trein gewoan troch en binne de keazen fertsjinwurdigers te min mânsk om ek mar in wiksel om te lizzen.

Om as FNP yn de Haachske arena te stappen, sa't fraksjefoarsitter Annigje Toering útstelt, is gjin oplossing. Dat pakt earder ferkeard út. Om ien sit te bemachtigjen, moat de partij minstens twa kear safolle stimmen garje as by de lêste steateferkiezings en wa wol dêrjinsen foar joker stean? Nee, sok demokratysk pielen yn 'e marzje jout inkeld mar mear frustraasje. Foar it befjochtsjen fan mear eigen foech is in militantere stratezjy nedich. Mar dêrfoar ha de measten har al te bot kompromittearre. Wa't ûnderfining opdien hat as demokratysk bestjoerder, is ta kompromissen wend en sil de wei werom nei in aksjepartij net mear fine.

De dwerse kneppels sille alsa fan oaren komme moatte. Mar fan wa? De praktyk wiist út dat Friezen in meigeand folkje binne. De Feriening Frysk Underwiis, eins in bewegingssel, lêst de provinsje yn in wiidweidich brief poepfreonlik it leksum oer it jan-poepsplak dat it Frysk yn de nota kultuer, taal en ûnderwiis hat. Of dat ek oars kin! It effekt lit him wol riede: foar kundskip oannommen. Dan sakket de moed jin wol yn 'e skuon.

> pieterjan.de.groot@lc.nl